

Fisy en Missy fan de Onafhankelijke SenaatsFractie

It karbrief fan de OSF hat it oer fjouwer doelen:

- De fertsjintwurdiging yn de Earste Keamer op in ûnôfhinklike wize yn te folgen en te stypjen.
- It skeppen fan bettere betingsten foar it funksjonearjen fan provinsjale politike groepearings.
- Soargje foar polityk wittenskiplik ûndersyk.
- Demokratisearring fan de politike kultuer en struktuer, it útdragen fan de gedachte dat it bestjoeren fan gemeenten en provinsjes by foarkar dien wurdt troch ûnôfhinklike lokale en regionale politike groepearings.

Dy statutêre útgongspunten binne te fertalen yn in fisy en in missy:

Fisy

De OSF stribbet net in polityk klimaat wêryn't in sa grut mooglik part fan de boargers him fertsjintwurdige fielt troch de ûnôfhinklike polityk.

Dat giet yn earste ynstânsje om fertsjintwurdiging yn provinsjaal bestjoer en Earste Keamer. De OSF wol dêrby in inisjearjende, koördinearjende en entûsjasmearjende organisaasje wêze en gearwurking sykje mei bûnsmaten.

Missy

De OSF is in polityk federatyf platfoarm foar de ûnôfhinklike polityk.

Senaatsfraksje en provinsjale politike groepearings stribje nei synergy op grûn fan respekt foar elk syn eigen ferantwurdlikheid.

De OSF is in politike organisaasje dy't wurket út de grûngedachte wei dat de polityk bestiet om de boargers te tsjinjen, net oarsom.

Ûnôfhinklike polityk is dé manier om de boargers better te beheljen yn de politike beslútfoarming. Ut it belang wei fan de boarger, sa transparant mooglik oan polityk dwaan.

Troch net allinnich sels dy gedachte út te dragen, mar ek oaren te stypjen om út dat prinsipe wei oan polityk te dwaan, wol de OSF de ynfloed fan de ûnôfhinklike polityk yn Nederlân útwreidzje.

Út de fisy en de missy wei wurdt alle dagen wurke oan de realisaasje fan de (politike) doelen.

DNA

De OSF kiest foar in "bottom up" oanpak binnen in federative setting.

Gearwurking op basis fan ôfspraken dy't de dielnimmers mei-inoar meitsje.

Yn de praktyk betsjut dat dat der foar de provinsjale politike groepearings, neist in tal sintrale politike útgongspunten, dochs in soad frijheid is.

Ûnôfhinklik en dochs bûn!

De federaasjgedachte soe foar de OSF ek jilde moatte foar de steatsynrjochting fan Nederlân en Europa. Dat past skoan by de troch de OSF winske evenredige fertsjintwurdiging mei dêrneist in distriktestelsel.

Hjoed-de-dei wurde yn Nederlân in soad taken fan de ryksoerheid oerhevele nei provinsjes en gemeenten. Dat fynt de OSF in goede ûntjouwing, mar foegen moatte hân yn hân mei budzjetten oerdroegen wurde.

Ûnôfhinklike Polityk

Foar de OSF is 'ûnôfhinklike polityk' it bestjoeren fan de oerheid troch minsken dy't net ferbûn binne oan de tradisjonele politike streamingen*.

Ûnôfhinklike polityk kiest derfoar om alle probleemstellingen út de minsklike mjitte wei te beoardieljen en om de beslútfoarming sa ticht mooglik by de boargers del te lizzen.

Binnen it polityk federatyf platfoarm OSF kinne alle partijen, op elk momint, har eigen beslissingen nimme. Mar as der tasizzingen dien wurde, moatte dy ek neikommen wurde.

Oansletten partijen kinne op elk momint út de OSF stappe.

Politike Útgongspunten OSF

1. De OSF is in demokratiske partij dy't stribbet nei in mienskip wêryn't de boargers respektfol mei-inoar libje en meibeslisse kinne op alle nivo's fan it bestjoer.
2. De OSF wol dat minsken direkte ynfloed hawwe op de beslútfoarming fan harren oerheid en dêrmei de demokratiske kontrôle by de mienskip lizze.
3. De OSF stribbet nei in bettere taakferdieling tusken de bestjoerslagen (Europa, Nederlân, provinsje, gemeente), basearre op syn politike Útgongspunten: mear desintraalisaasje fan bestjoer en mear autonomy foar provinsjes en gemeenten.
4. Wat lokaal kin, moat ek lokaal dien wurde. Wat better sintraal regele wurde kin, moat sintraal regele wurde. Yn it ferlingde dêrfan fynt de OSF dat Europa net hoecht te regeljen wat yn de nasjonale steaten regele wurde kin. En oarsom.
5. Regio's ferskille sterk yn kultuer en identiteit, sosjale en ekonomyske struktuer en yn it patroan fan noarmen en wearden. De OSF fynt dat dat, nei fermogen, ta útdrukking komme moat yn de ferdieling fan taken oer de bestjoerslagen.
6. De OSF stribbet nei desintraalisaasje fan foech en middels op it mêd fan de eigen taal, kultuer, ûnderwiis, lânskip, finânsjes.

7. De OSF stiet foar in steatsynrjochting dy't lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen omjouwing sels foarm te jaan.
8. Regio's moatte mear sizzenkip krije oer de ynkomsten dy't yn dy regio generearre wurde (bygelyks ierdgasbaten, ierdwaarmte).
9. De OSF stiet foar ûnôfhinklike polityk en sil per polityk fraachstik syn stânpunt fêststelle en syn meistanners kieze. Dêrby wurdt gjin ferskil makke tusken koalysje of opposysje.
10. De OSF wol oan transparante polityk dwaan. Folsleine iepenheid is de basis fan fertrouwen, fan in breed draachflak en fan it finen fan in optimale oplossing fan in probleem.
11. De OSF wiist fierdere, troch de ryksoerheid opleine bestjoerlike skaalfergrutting ôf.
12. Ynternasjonale gearwurking is in 'must'. De OSF wol him bine oan Europeeske ôfspraken as dy op in demokratyske legitime wize ta stân komme.
13. De OSF stelt de "minsklike mjitte" sintraal en sil dat útgangspunt by alle beslútfoarmingsprosessen swier meiwage litte.
14. De OSF wol de mooglikheid fan referinda iepenhâlde. Bygelyks as in ûnderwerp yn ferkiezingsprogramma's net dúdlik behannele is.
15. De OSF stiet tige kritysk foar privatisearjen of ferselsstannigjen oer fan foar de boarger essinsjele foarsjennings.

Ferskate rollen

De OSF is warber op tal fan terreinen.

Dêrby ferfollet de OSF, út syn doelstelling wei, ferskate rollen.

1. De Fertsjintwurdigjende rol

Dy rol springt it meast yn it each. Yn de Senaat makket de OSF diel út fan it polityk bestel. Omdat de oansletten provinsjale politike groepearings geregeld útinoar rinnende stânpunten ynnimme, is it oan de fertsjintwurdigers fan de OSF yn de Earste Keamer om dy rol foarm en ynhâld te jaan.

Om dy rol sa goed mooglik yn te foljen hat de OSF in tal politike útgangspunten fêststeld. Dêrneist bestiet der in Stipefraksje dy't de OSF fertsjintwurdiging yn de Senaat, frege en net frege, bystiet.

Yn dy Stipefraksje sitte fertsjintwurdigers út de oansletten provinsjale politike groepearings.

2. De Binende rol

De ûnôfhinklike polityk hat yn Nederlân gjin mienskiplike efterban.

Elke gemeentlike groepearings set him yn foar de belangen fan de eigen boargers.

Op provinsjaal nivo kinne dy boargers har belangen mienskiplik behertigje litte troch in ûnôfhinklike partij yn Provinsjale Steaten.

Dy belangebehertiging wurdt dan ek trochlutsen nei de Senaat. Yn de praktyk komt dy ferbûnens fierste min foar. De measte ûnôfhinklike partijen binne benammen mei de ynterne, lokale en regionale oangelegenheden dwaande en sjogge te min nei bûten.

Dochs is it de wisk fan de OSF om safolle mooglik partijen en groepearings dy't har mei de ûnôfhinklike polityk dwaande hâlde te binen. Om folle mear mienskiplik te dwaan en om de krêften te bondeljen.

Dêrom is yn 2012 besletten om tige nau gear te wurkjen mei de VPPG. Dêrtroch ûntstiet in front fan ûnôfhinklike polityk yn Nederlân. De OSF wol de kommende jierren, yn de mande mei de VPPG, wurkje oan it fierder ferbinen fan de ûnôfhinklike polityk yn Nederlân.**

3. De Fersterkjende rol

As de ûnôfhinklike polityk wier in fûst meitsje wol, sil ek oan in fierdere profesjonalisearring wurke wurde moatte. Krekt as de oare politike partijen, krijt de OSF jierliks in budzjet út De Haach yn it ramt fan de wet subsidiearring politike partijen.

In grut part fan dy middels wurdt ynset om de ûnôfhinklike provinsjale politike groepearings te stypjen. Dy kinne sels wer in fersterkjende rol rjochting de pleatslike ûnôfhinklike politike groepearings yn harren provinsje ferfolje.

Ek de VPPG wurdt troch de OSF stipe om fan ûnderen op in fersterking fan de pleatslike ûnôfhinklike polityk mooglik te meitsjen.

* Tradisjonele politike streamingen

liberale partijen
konfesjonele partijen
sosjalistyske partijen

**De filosofy fan de ûnôfhinklike polityk

Elkoar fersterkje troch gear te wurkjen en te stribjen nei it nimmen fan politike besluten op it leechst mooglike nivo, ticht by de boargers.

Der binne twa ynstânsjes yn Nederlân dy't har rjochtsje op it fersterkjen fan de ûnôfhinklike polityk. De Vereniging van Plaatselijke Politieke Groeperingen (VPPG) is de belangebehertiger fan de ûnôfhinklike polityk yn de gemeenten, mar is sels gjin politike partij. De Onafhankelijk SenaatsFractie OSF is as politike partij de belangebehertiger fan de ûnôfhinklike polityk yn de provinsjes en hat in sit yn de Earste Keamer.